

# Gebeden

I	<i>Begroeting fan de snein</i>	1092
II	<i>Gebeden foar elke dei fan 'e wike</i>	1094
III	<i>Moarnsgebeden</i>	1112
IV	<i>Middeisgebeden</i>	1121
V	<i>Jûnsgebeden</i>	1124
VI	<i>Gebeden yn 'e nacht</i>	1134
VII	<i>Gebeden by it iten</i>	1136
VIII	<i>Gebeden foar alle oeren</i>	1142

## I – Begroeting fan de snein

*Op sneontejûn kin de begroeting fan de snein yn 'e oarder foar it jûnsgebed (fesper) (side 968), yn 'e oarder foar in fesper letter op 'e jûn (side 971) en yn 'e oarder foar in persoanlik jûnsgebed (side 982) ynfoege wurde nei it jûnsgebed en foar de segenbea. It Gebed fan 'e dei ferfalt dan op dat plak en krijt in plak yn it ramt fan 'e begroeting fan 'e snein.*

*Lektor*

Sa waard it jûn en moarn:  
de sechste dei.  
Sa wienen dan de himel en de ierde,  
mei alles dat derby heart, klearkommen.  
Op de sânde dei hie God it wurk  
dêr't Er mei dwaande west hie,  
ta in ein brocht  
en Hy rêste dy sânde deis út  
fan alle wurk dat Er dien hie.  
Dat God segene de sânde dei en hillige dy.

*(Gen 1:31b-2:3a)*

*Foargonger*

Sa't de HEARE de sânde dei hillige,  
sa docht Israel, syn folk, ek:  
it hâldt de sabbat  
as in dei fan rêst en blydskip  
en fiert sa de foltôging fan de skepping.

*Lektor*

Nei de sabbat,  
doe't de earste dei fan 'e wike oanbriek,  
gongen Maria fan Magdala en de oare Maria  
derop út om by it grêf te sjen.  
Ynienen begûn de grûn slim te skodzjen  
en in ingel kaam út 'e himel del by it grêf,  
rôle de stien foar de yngong wei  
en gong dêropsitten.  
Mar de ingel naam it wurd en sei tsjin de froulju:  
"Jimme moatte net bang wêze.

Ik wit, dat jimme om Jezus sykje,  
dy't krusige is.  
Dy is hjir net, want Hy is ferriisd,  
lykas as Er sein hat."

(Mat 28:1-2, 5-6a)

*Foargonger*

Sa brocht God op dy earste dei  
troch de ferrizenis fan syn Soan  
blydskip foar de hiele wrâld,  
Dêrom fiere wy dat nije begjin  
en sille wy dy dei hilligje,  
dat wy oplibje en genietsje  
fan alles wat Hy makke hat.  
Sa geane wy op wei nei Gods Keninkryk  
sa leare wy om te libjen fan it Wurd  
dat foar ús it libbensbrea is:  
Jezus Kristus, ús Hear.

Ut it Evangeelje fan dizze dei hearre wy:  
(tekst út it evangeelje fan de snein)

....

Gesang 221:1: 'Wês begroete, earstling fan de dagen'  
of:  
in 'tiideigen' liet

Gebed foar de snein  
Hjir kin ek it gebed fan de snein dien wurde.

*Sjoch de seksje It Tiideigene*

## II – Gebeden foar elke dei fan de wike

### a. Moarnsgebeden foar elke dei fan de wike

#### 1 *Snein*

Sa't it ljocht  
ús alle moarnen  
op 'e nij ferskynt,  
ús wekker makket  
en waarmet  
mei syn strielen, –  
meitsje Jo God,  
my sa ek wekker!

Sa't de sinne  
ús gjin dei  
yn it tsjuster lit, –  
lit sa jo trou  
my no ek blike!

Meitsje frij baan  
troch wat op my ta komt,  
wat my benearet,  
en set my wer op 'e skonken;  
net mismoedich,  
net telider slein,  
mar rjocht oerein,  
de holle omheech  
nei Jo,  
myn Sinne,  
myn dei, myn ljocht!

#### 2 *Moandei*

Ik stel my iepen  
foar Jo, myn God,  
dat jo Geast delkomme kin  
en ien wurdt  
mei myn eigen azem.

Ik stel my iepen,  
dat de krêft  
fan wat Jo beweecht  
my hâld en stjoer jout.

Ik stel my iepen,  
dat jo wyn  
my suveret  
oant yn 'e fierste úthoeken fan myn hert,  
oant yn de djipten  
dêr't ik sels net gean kin.

Ik stel my iepen,  
dat jo leafde  
my besielje mei  
en sa jo eigen Geast  
yn my de wurden fynt  
dêr't myn hert en siele  
wacht mei hâldt oer jo skepping.

### 3 *Tiisdei*

Wy libje  
fan wat Jo ús jouwe,  
wy besteane  
mei harren dy't Jo  
oan ús tabetroud ha.

Yn jo namme  
priizgje wy de dei  
as bern fan it ljocht.  
Wy fiede ús  
mei wat ús tasein is:  
in ierde folgroeid,  
in wrâld folslein,  
in skepping foltôge.

Lit ús dêrom  
jo hannen wêze:  
as wy inoar  
it brea brekke,  
de honger bestilje;

as wy inoar  
it hert iepenje,  
en nei inoar harkje;  
as wy inoar  
bemoedigje mei hope,  
yn libben hâlde  
mei trou.

Wy hilligje jo namme,  
dêr't wy inoar genedich binne,  
en dêr't barmhertigens  
kleur jout oan dizze dei;  
en dêr't wy  
it útsprutsen skeppingswurd  
fan ljocht en leafde  
troch it tsjuster hinne  
foldrage.

Jou dat wy  
hjoed al libje  
mei ús hert by Jo!

#### 4 *Woansdei*

Binne wy jo trou,  
kin wa't wy binne  
en wat wy dogge  
bestean yn it ljocht  
fan jo eagen?

Ferljochtsje ús,  
dat by jo strielen  
der foar ús  
in wei is om te gean,  
oantrune troch jo Geast.  
Meitsje ús oprjocht fan hert,  
trou oan ús eigen wurd  
en myld yn it sprekken.

Jo Ryk sil komme –  
jou dat wy  
it neat yn 'e wei lizze

troch sleau en slûch te wêzen,  
en stean te bliuwen  
by wat is.

Poen ús hjoed ek oan,  
dat wy hoekhâlde  
yn fertrouwen  
en leauwe yn 'e krêft fan de leafde.  
Wês sels de flam yn ús hert,  
dat wy witte  
dat it op leafde oankomt.

5 *Tongersdei*

Jo hawwe ús  
oan inoar jûn  
en meitsje ús wekker  
út 'e slomme fan 'e iensumens.  
Dêr't ús namme neamd wurdt,  
waait jo Geast.  
Oansprekber binne wy  
op in nije namme:  
bern fan it Ryk  
dat komme sil.

Byn ús mei leafde  
inoar op it hert;  
dan diele wy  
yn it libben fan jo Soan,  
dan wurde wy syn lichem  
yn dizze wrâld.

Dat ûnder ús  
ek dizze dei  
jo wil dien wurde mei,  
ja, dat wy allegearre libje  
mei dat doel foar eagen!  
Dat bidde wy  
om Him yn wa't  
te lêzen stiet  
hoe't Jo fan minsken hâlde.

6 *Freed*

As der gjin brêgen  
mear te slaan binne,  
as de bergen  
fan muoite en fertriet  
net oer te kommen binne, –  
wês Jo allinne dan  
ús God,  
in skûle  
tsjin waar en wyn,  
in stim dy't wekker ropt,  
in hert dat der weet fan hat.

As in minske  
him sa ferlitten fielt  
dat er yn stilswijen behurdet, –  
wannear't in minske  
him sa ferret fielt  
dat sels jo namme ferswijd wurdt, –  
litte de wurden  
fan jo Soan  
dan skreaun stean  
yn ús herten:  
ús libben  
oan jo hannen tabetroud.

Jo leafde hat Him tadutsen,  
tsjin alle kjeld  
oant yn 'e dea;  
Jo bewarje ús ek  
foar de nacht dy't bliuwt.  
Lit dizze dei op 'e nij  
dêr in teken fan wêze.

7 *Sneon*

Dat Jo komme sille  
om de wrâld rjocht te dwaan, –  
is ús langst.



Dat Jo komme sille  
en net ferjitte  
al dat ûnskuldich bloed  
dat fan 'e ierde ropt, –  
is ús treast.

Dat Jo komme sille  
om te rjochtsjen  
wa't bûgd geane  
ûnder it oerwicht  
en de swierwichtigens fan minsken, –  
is ús hoop.

Dat Jo komme sille  
om te snoeien  
wat oan wredens wreidet, –  
is ús bea.

As Jo komme sille,  
jout allinne jo leafde  
rak en dak  
oan de hiele wrâld –  
is ús betrouwen.

Dat Jo komme sille,  
bidde wy ek op dizze dei;  
dat Jo komme sille  
om al ús tekoart  
oer te sljochtsjen mei jo tegoed.

Kom dan hjoed,  
want, God,  
wy longerje dernei dat wy witte  
wa't Jo binne.

## **b. Gebeden oan 'e hân fan de sân haadsûnden**

*Ynstee fan de ferbining mei de ferskillende wykdagen, kinne dizze gebeden ek skoon as apart steande tema's foar de wike brûkt wurde.*

### **8 Snein**

God, Jo dy't de sinne oan 'e himel steld hawwe  
om de ierde te ferwaarmjen  
en de minsken te ferljochtsjen,  
jou ús in dei fan frede en ynkear,  
fan rêst nei it wurk fan aldendei.  
Wy bidde dat ús rêst gjin luiens wurdt,  
dat ús geast wekker bliuwt om Jo te loovjen  
en om yn 'e wike dy't komt,  
mei wille en ynmoed  
ús neisten, fier en hein,  
te tsjinjen en te ferbliidzjen  
mei leafde en gerjochtichheid.  
Lit jo keninkryk komme. Amen.

### **9 Moandei**

God fan fierrens, God fan tichteby,  
wy witte dat Jo grut en machtich binne,  
mar net te heech om nei ús om te sjen.  
Lear ús earbied te hawwen  
foar alles wat lyts en machtleas is,  
foar swakke minsken en earne bern,  
foar bisten dy't nei de slachtbank geane  
en beammen dy't leafdeleas kappe wurde.  
Hoe lyts binne wy sels yn ús heechmoed.  
Jou ús in rom en earlik hert,  
meitsje ús hannen krêftich  
om te segenjen en te genêzen.  
Lit jo keninkryk komme. Amen.

10 *Tiisdei*

God, Jo dy't net altyd lulk bliuwe,  
Jo hawwe rjocht en reden jo grime oer ús útroppen  
mei't wy net libje neffens jo wurd.  
No moatte wy it belije  
yn in wrâld dy't yn dusoarder leit,  
mei it leed fan in bitter bestean.  
Gean net mei ús yn 'e pleit,  
mar help ús oerein en treastgje ús.  
En as wysels grammoedich wurde,  
lit it dan wêze om it ûnrjocht,  
de ferdielens, de twariedigens,  
ja alles wat minsken skiede kin.  
Lit ús net rêste ear't wy allegearre ien binne  
yn Jo en mei-inoar.  
Lit jo keninkryk komme. Amen.

11 *Woansdei*

Goede God,  
Jo dy't de ierde segene hawwe  
mei alles dêr't wy fan libje,  
wy wolle earlike rintmasters wêze  
en net mear nimme as wat ús takomt,  
want skrokkigens liedt ta ferdjer  
en de grutte mear rekket nea net fol.  
Jou ús de wiisheid om yn ienfâld te libjen.  
Lit ús in ljocht opgean  
en lear ús it echte fêstjen, dat is:  
ús brea diele mei wa't hongere hat,  
de flechtling rak en dak jaan  
en de ferhûddûke syn frijheid litte.  
Dan bidde wy mei rjocht en reden:  
lit jo keninkryk komme. Amen.

12 *Tongersdei*

God fan leafde en trou,  
Jo dy't de minsken oan inoar jûn hawwe,  
dat se wiis mei-inoar wêze soenen  
en inoar bysteane

yn goede en yn minne tiden,  
wy bidde Jo foar alle minsken  
dy't it slachtoffer binne fan gleonens en geweld,  
en sa it leauwen yn 'e leafde ferlern ha  
en har meiminske net mear fertrouwe.  
Jou de slachtoffers har weardichheid werom  
as minsken sûnder wryt of slyt.  
Brek de moedwil fan de dieders  
en wês harren genedich as se skuldich steane  
foar Jo en foar de minsken.  
Lit ús in boarne fan blydskip wêze  
foar lju dy't yn 'e lytse loege sitte  
en foar wa't it lok sykje,  
in oäze fan ferwachting foar de hopeleazen.  
Lit jo keninkryk komme. Amen

13 *Freed*

Goederjouske God, Jo dy't elk syn gerak gunne,  
jildsucht is de woartel fan alle kwea  
en gjirrigens roppich as it grêf.  
Meitsje golle minsken fan ús  
en tankbere ûntfangers.  
Lit al jo minsken sûnder soargen libje  
as blommen yn 'e greide,  
as fûgels yn 'e beammen.  
Wy tinke mei ús jeften  
oan allegearre dy't troch ús ynklauwerigens  
har gerak net krije  
en wy sette ús yn foar de gerjochtichheid  
fan wa't dêr nei longerje.  
Lit jo keninkryk komme. Amen.

14 *Sneon*

God fan Israel en fan 'e folken,  
rjochtfeardich en barmhertich as Jo binne,  
ha Jo de sabbat jûn  
as in blide dei foar minske en dier.  
Wy tankje Jo foar jo geduld  
mei it minskdom dat hieltyd wer  
syn eigen lok yn 'e wei stiet.

Wy wolle ús skeel bylizze,  
ús wangeunst en lulkens delbêdzje  
en frede stichtsje.  
Dan meie wy ite en drinke en fleurich wêze  
yn 'e geast fan de lofprizing  
en yn 'e blide ferwachting  
fan jo keninkryk dat komt. Amen.

### c. Gebeden oardere neffens de dagen fan 'e skepping

#### 15 *Snein*

Hear ús God, wy tankje Jo  
foar de geast dy't ús wekker makket,  
foar it ljocht fan dizze dei dêr't wy by libje meie,  
foar it burgen wêzen yn jo skeppende leafde.

#### 16 *Moandei*

Wannear't wy jo himel sjogge, it wurk fan jo hannen,  
wat is dan de minske, o Hear, dat Jo oan him tinke?  
Lit ús stil wurde ûnder jo hoede.

#### 17 *Tiisdei*

It is goed – de griene ierde fol fan jo goedens,  
nettsjinsteande it tebrutsene minskebestean.  
Lear ús aloan op 'e nij om jo goedens te priizgjen.

#### 18 *Woansdei*

Wês foar ús in klear ljocht yn it tsjuster om ús hinne;  
lied ús op 'e wei en lit ús libje yn jo wierheid.  
Ferljochtsje ús libben mei de glâns fan jo leafde.

#### 19 *Tongersdei*

Middenmank it libben dat om ús hinne is, o Hear,  
meie wy der wêze om it te hoedzjen, yn jo namme.  
Lear ús noed te stean foar wa't nei ús komme.

#### 20 *Freed*

As yn in tún hoede en noede foar kwea,  
yn stille frede ien en mien,  
minsken, bisten en blommen.  
Dat it fizioen fan jo hôf ús altyd foar eagen stean mei.

As minsken foar jo antlit, o God,  
dat wy Jo net beskamme meitsje,  
dat wy jo bern binne.

Lit ús net ferlern gean, bûten de goedens fan jo  
eagen.

#### d. Sân gebeden foar stêd en lân

##### 22 *Snein*

God, Jo dy't heech te priizgjen binne,  
Jo dy't minsken roppe  
om inoar by te stean  
en inoar leaf te hawwen,  
gun ús in frede  
dêr't wy mei alle ferstân net by kinne  
yn stêd en lân,  
yn hûs en hôf.  
Hoedzje ús foar oermoed,  
ûnferstân en ûnrjocht,  
dat wy inkeld libje  
fan deemoed en genede.

##### 23 *Moandei*

God, Jo dy't heech te priizgjen binne,  
Namme yn ús fermidden  
dy't de stilte lûd jout,  
jo wurd rikt fierder  
as ús eachweid  
en waait op 'e amme fan jo Geast  
nei alle wynstreken.  
Wês mei al jo tsjanners,  
jo tsjûgen yn east en west,  
noard en súd,  
en meitsje ús tsjinstber  
yn gerjochtigens en goedens  
oan alle minsken  
fier en hein.

##### 24 *Tiisdei*

God, Jo dy't heech te priizgjen binne,  
Skepper fan himel en ierde  
en Underhâlder fan alles wat libbet,  
lear ús it wurk fan jo hannen  
te sparjen  
dat wy hoeden omgeane



mei wetter en fjoer,  
loft en ierde.  
Ferjou ús ús kâlde wize  
fan libjen en wurkjen  
en bekear ús,  
dat de sin fan it libben  
ús net ûntkomt.

25 *Woansdei*

God, Jo dy't heech te priizgjen binne,  
hoeder fan de swakke en ferhúddûke minske,  
jou ús each foar it lytse,  
it och sa lytse libben,  
want it grutte binne wy net wurdich  
as wy it lytse net achtsje.  
Jou ús in hert  
dat ien en mien is  
mei harren dy't stride  
foar in minskweardich bestean  
hjir en yn alle lannen.

26 *Tongersdei*

God, Jo dy't heech te priizgjen binne,  
dy't sprekt mei gesach,  
hoedzje it plak dêr't wy wenje,  
syn bestjoerders  
en bewenners.  
Dat hja om 'e wille fan in goede mienskip  
tanimme yn wiisheid.  
Wês mei harren dy't tusken  
de wâl fan 'e wet  
en it skip fan steat falle,  
de doarmers en swalkers,  
de fremdlingen en bywenners.  
Skep romte foar in folslein libben  
en meitsje ús striidber yn tsjinstbetoan.

27 *Freed*

God, Jo dy't heech te priizgjen binne,  
Jo dy't de herten iepenje  
en meitsje dat wy ús omfoarmje litte wolle,  
sko it gerdyn  
fan ûnfrede, ûnkunde en ûnmacht  
dat ús skiedt  
fan ús susters en bruorren  
yn alle dielen fan 'e wrâld  
fansiden.  
Hâld ús ûnberoaide driften  
yn 'e stringen  
en meitsje ús ree  
om ien te wêzen yn ienfâld  
as merkteken fan it wiere.

28 *Sneon*

God, Jo dy't heech te priizgjen binne,  
genêzer en befrijer,  
wy bidde foar harren  
dy't oan 'e ein fan har krêften binne,  
om ferlossing en útrêding.  
Jou de âlde minsken oansjen,  
want hja binne ús foargien  
yn wiisheid, leafde en soarch foar it bestean.  
Jo dy't alle nammen telle,  
lit ús net oars falle  
as yn jo hân.

**e. Gebeden om gerjochtichheid, frede  
en hielheid fan 'e skepping**

*Ynstee fan de ferbining mei de ûnderskate dagen fan 'e wike, soenen dizze gebeden ek hiel goed as aparte tema's foar de wike brûkt wurde kinne.*

29 *Snein – fernijing fan 'e tsjerke*

Hâld ús sa deun by Jo  
en sa byinoar, o God,  
dat wy oandien reitsje  
en yn beweging bliuwe  
troch wat Jo fan doel binne  
mei jo oekumene,  
jo bewenne wrâld,  
dêr't jo tsjerke yn bedoeld is  
as teken fan jo frede,  
as in foarpost fan jo takomst;  
meitsje ús ien yn de tsjinst oan Jo,  
lit dy tsjinst oan Jo ús ien meitsje.

30 *Moandei – gerjochtichheid rûnom op 'e wrâld*

Fan Jo is de ierde, God,  
en dus fan ús allegearre mei-inoar,  
yn noard en súd,  
yn east en west;  
jou dat wy ús der net noflik ûnder fiele  
dat wy diel útmeitsje  
fan in minderheid  
dy't op kosten fan de skepping  
him tegoed docht  
oan wat Jo ornearre hawwe  
foar alle minsken  
en meitsje ús ree om te learen  
ús libben sa te sjen  
dat wat wy uzes neame  
ek te'n goede komt  
oan 'e mearderheid  
dy't minder hat.

31 *Tiisdei – ferearming yn eigen lân*

O God, jou ús de moed  
om yn ferset te kommen  
as minsken yn 'e knipe reitsje  
en de mienskip oantaast wurdt  
troch wat net goed te praten is;  
help ús om út te hâlden  
dat earmoed ûnrjocht is  
en dat wy allegearre ferearmje  
as minsken ûnder ús har gerak net krije;  
bring ús yn 't sin  
dat gerjochtichheid in priis hat  
en dat fan ús frege wurdt  
om dy priis te beteljen.

32 *Woansdei – de plurifoarme mienskip*

Jo hawwe ús dreame litten  
fan in kleurrike mienskip  
fan folken, fan minsken,  
dêr't elkenien yn ta syn rjocht komt  
en wy inoar ferrykje;  
trúnje ús oan, o God,  
dat wy dy dream wiermeitsje  
net mei grutte wurden,  
mar mei nochtere dieden:  
dat wy muorren sljochtsje,  
troch grinzen hinne brekke,  
brêgen slane,  
foaroardielen út 'e wei romje,  
frees foar frjemden oerwinne  
en dat allegearre te begjinnen  
by ússels.

33 *Tongersdei – lykweardigens fan froulju en manlju*

God fan Sara en Abraham,  
fan Ruth en David,  
fan Ester en Daniël,  
fan Maria en de apostels,  
lear ús om jo ferhaal fan foaren ôf oan

sa op 'e nij te lêzen en te fertellen,  
dat froulju bemoedige wurde,  
manlju de eagen iepen geane  
en lykweardigens ús allegearre oangiet,  
froulju en manlju beide.

34 *Freed – fersoening en frede*

Jo dy't begien binne  
mei jo goede ierde,  
meitsje de wjeraksel en wjerstân sterker  
tsjin wat jo libbenswurk fernielt,  
poen de wil ta frede oan,  
hâld de hope op Jo yn libben  
en seingje ús, o God,  
mei fernimstigens en stânfêstens.

35 *Sneon – hoedzjen en noedzjen fan natoer en miljeu*

Hoedzje, o God, yn leafde  
allegearre dy't har oan Jo tabetroud hawwe;  
lit ús ús sadanich fan jo leafde bewust wêze  
dat wy noed fan inoar steane  
en leare òm te gean  
mei jo skoandere skepping dy't faai stiet.

### III – Moarnsgebeden

*De gebeden 45 en 51 binne benammen gaadlik om mei bern te bidden.*

- 36 Barmhertige Heit, oan jo hannen  
betrouwe wy hjoed ús libben ta;  
lit ús, fan it begjin oant de ein  
witte dat Jo derby binne;  
bring ús wer yn 't sin dat wy  
yn al it goede dat wy dogge, Jo tsjinje meie;  
meitsje ús opmerksum en wach,  
dat wy witte wat Jo fan ús wolle,  
en dat wy dat dan ek mei blydskip dogge,  
ta eare en ferhearliking fan jo Namme,  
troch Jezus Kristus, ús Hear.
- 37 Master, hillige en ûnneigeanbere God,  
Jo hawwe it ljocht opdracht jûn  
om te skinen yn it tsjuster.  
Jo hawwe ús rêste litten yn 'e sliiep,  
en wekker makke om Jo te ferhearlikjen  
en jo goedens oan te roppen.  
Wês yn jo eigen barmhertigens mei ús begien  
en nim ús oan, no't wy Jo oanbidde  
en Jo tankje sa goed as wy kinne;  
harkje nei alle gebeden foar ús heil.  
Meitsje ús bern fan it Ljocht  
en fan 'e folle dei,  
as erfgenamten fan jo ivich goed.  
Tink, Hear, yn jo grutte barmhertigens,  
oan jo hiele folk dat hjir is om Jo te oanbidden.  
Tink oan al ús bruorren en susters  
dy't rûnom op 'e wrâld,  
op see of op it lân, útsjogge nei jo genede en help.  
En jou ús allegearre jo grutte barmhertigens,  
dat wy, rêden nei lichem en siel,  
jo wûndere Namme dy't heech te priizgjen is,  
ferhearlikje meie:  
Heit, Soan en hillige Geast,  
no en altyd en oant yn ivichheid.

- 38 By it earste lemieren  
priizgje wy Jo, o Hear.  
Jo binne de Ferlosser  
fan de hiele skepping.  
Jou ús yn jo barmhertigens  
in dei fol fan frede.  
Ferjou ús ús skulden.  
Lit ús hope net brekslaan.  
Ferbergje Jo net foar ús.  
Jo drage ús yn jo leafde en noed.  
Lit ús net los,  
al fertsjinje wy net better.  
Jo allinne kenne ús swakkens.  
O God, ferlit ús net.
- 39 Sa't Jo ús de hiele nacht bewarre hawwe  
en ús in nije dei belibje litte,  
bewarje ús sa, o Hear,  
yn heil en frede,  
sûnder sûnde en ferlieding;  
Jo, barmhertige  
God, ús Hear.  
Wy oanbidde en priizgje Jo,  
alle himelingen priizgje Jo,  
de ingelen loovje Jo.  
Wy loovje Jo,  
wy neame Jo hillich,  
ús Heit, ús Hear,  
ús God en ús Skepper.
- 40 Ik tankje Jo, himelske Heit,  
troch Jezus Kristus, jo leave Soan,  
dat Jo my dizze nacht foar alle kwea  
en alle gefaren bewarre ha.  
Ik bid Jo, dat Jo my dizze dei ek bewarje wolle  
foar sûnde en alle kwea,  
dat al myn dwaan en litten goed is yn jo eagen.  
Ik betrou mysels, myn lichem, myn siel en alles  
oan Jo ta.  
Meie jo hillige ingelen mei my wêze,  
dat de kweade fijân gjin macht oer my krijt.

41 Hear Jezus,  
ik draach Jo op:  
myn hiele dei,  
myn wurk, myn striid,  
myn blydskip en fertriet.  
Lit my troch Jo tinke,  
mei Jo wurkje,  
yn Jo libje.  
Lit my Jo leafhawwe  
mei myn hiele hert  
en Jo tsjinje  
mei al myn krêften.  
Dy genede freegje ik ek  
foar allegearre dy't my leaf binne,  
dat hja Jo ek ferhearlikje.  
Stean ús allegearre by mei jo genede  
en bewarje ús yn jo leafde en frede,  
hjoed en alle dagen.

42 Jo ha my it earst leafhân, o God.  
De hiele dei,  
myn libben lang,  
hawwe Jo my it earst leafhân.  
As ik yn 'e moarntiid wekker wurd  
en ik my ta Jo kear,  
binne Jo de earste:  
Jo ha my it earst leafhân.  
As de dage oer de loft giet  
en ik fan 't bêd kom  
en op datselde stuit  
ta Jo bid,  
binne Jo my foar:  
Jo ha my it earst leafhân.  
As ik oerdei my efkes  
út alle drokten weromlûk,  
en ta mysels ynkear  
en oan Jo tink,  
dan tinke Jo al oan my:  
Jo ha my it earst leafhân.  
En ik, ûntankber minske,  
dy't altyd tink en praat  
as hienen Jo my mar ien kear  
as earste leafhân.



- 43 Hjoed wol ik Jo tankje,  
tankje, samar om't Jo der binne.  
Bin ik iensum of ferlitten,  
dan binne Jo foar my in thús.  
Bin ik wurch en ûngedien,  
dan jouwe Jo nije krêft.  
Bin ik soms hurd en kâld,  
dan binne Jo waarm en tagedien.  
Bin ik bang en twivelriedich,  
dan binne Jo wissichheid.  
Myn langsten en myn dreamen  
binne by Jo betroud.  
Myn freugde en myn blydskip  
kin ik mei Jo diele.  
Rin ik oer sompich lân,  
Jo binne myn fêste grûn.  
Slút ik my op,  
Jo iepenje de finsters.  
Rin ik somtiden by Jo wei,  
Jo helje my wer yn.  
Bliuw ik steech en dreech stean,  
Jo lûke my mei.  
Myn spanning, ôfgriis en berou  
kin ik by Jo kwyt.  
As alles tsjuster om my is,  
dan binne Jo ljocht en hoop.  
Ik tankje Jo, om't Jo de romte binne  
dêr't ik yn libje mei.  
Ik tankje Jo, om't Jo de azem binne  
dêr't ik troch libje.  
Ik tankje Jo, om't Jo dejinge binne  
foar Wa't ik libje.  
Ik tankje Jo, om't Jo my leard ha  
wêrom't ik libje.  
Ik tankje Jo, om't Jo der binne.
- 44 Wiskje de spoaren fan 'e nacht út.  
jei de dea út my wei.  
Meitsje my klear  
as de dei dy't kommen is.  
Lit my Jo sjen  
dy't sels ferskynd binne,

klaaid yn it ljocht fan dizze dei.  
 Lit my laitsje  
 en fleurich wêze.  
 Lit my hjir wêze,  
 meitsje dat ik foar oaren te berikken bin  
 en wat foar harren betsjutte kin,  
 dat ik hoekhâld  
 yn omtinken en meilibjen,  
 dat ik net dôf wurd  
 foar noed en soarch,  
 dat de krêft ta leafde  
 my net ûntfalt.  
 Lit mei hasten komme  
 de dei fan 'e gerjochtichheid.  
 Sjoch it net langer oan  
 dat rûnom yn 'e wrâld  
 minsken tamtearre wurde,  
 bern fermoarde;  
 dat wy de ierde skeine  
 en inoar it ljocht ûntnimme.  
 Rop yn ús gewisse  
 de grime en skamte wekker,  
 dat wy omkeare  
 en de wei fine nei jo wurd.

45 Leave God, wy tankje Jo  
 foar alle moaie dingen,  
 foar it ljocht fan dizze dei,  
 foar de minsken dy't ús helpe,  
 foar alles wat goed en moai is.  
 Jou ús allegearre  
 dat wy hjoed  
 ek wer wat sjogge of hearre  
 dêr't wy bliid om binne,  
 dêr't wy oaren bliid mei meitsje.

46 Barmhertige, ivige God en Heit,  
 wy tankje Jo,  
 dat Jo ús dizze nacht genedich bewarre hawwe  
 en ús dizze nije dei wer jaan wolle.  
 Hoedzje ús op alle wegen  
 dy't wy geane

en lit ús dizze dei  
brûke yn jo tsjinst.  
Lear ús om neat te tinken,  
te sizzen of te dwaan,  
dat net nei jo wil is, Heit,  
dat al ús wurk  
ta eare fan jo hillige namme  
en ta heil fan ús neiste wêze mei.  
Ferljochtsje ús troch jo hillige Geast,  
dat wy brocht wurde  
op 'e wei fan jo gerjochtichheid,  
troch Jezus Kristus, ús Hear.

- 47 O Heare, Jo dy't it ljocht útstjoere om syn baan te rinnen,  
Jo dy't de sinne opgean litte oer goeden en ferkear-  
den,  
oer rjochtfeardigen en ûnrjochtfeardigen,  
Jo dy't de dage skeppe,  
de hiele wrâld ferljochtsje,  
en hearskje oer alle dingen,  
ferljochtsje ek ús herten.  
Jou ús dat wy op dizze dei jo wil dogge,  
bewarje ús foar alle sûnde en missetten,  
beskermje ús tsjin 'e pylk, dy't oerdei fljocht  
en tsjin elke fijannige macht.  
Want Jo binne ús ûntfermer en ferlosser,  
en oan Jo drage wy ús lofprizing op,  
Heit, Soan en hillige Geast,  
no en altyd  
en fan ivichheid oant ivichheid.
- 48 Weardich en goed is it, dat wy Jo oanbidde,  
almachtige God, dy't alle dingen skepen ha,  
en dat wy Jo mei-inoar tanksizze  
foar alle woldieden,  
dy't wy út jo mylde hân oanienwei ûntfange.  
Jo hawwe ús dizze nacht bewarre,  
Jo hawwe ús it moarnsljocht skonken  
en no meie wy foar Jo stean.  
O Hear, wy loovje Jo en wolle Jo tsjinje,  
dizze dei en al ús dagen.  
Wy ûnderwerpe ús oan jo goede en hillige wil.

Lied ús en bewarje ús yn jo frede en blydskip  
en yn earbied en ûntsach foar jo namme –  
troch Jezus Kristus, ús Hear,  
dy't mei Jo en mei de hillige Geast  
yn ivichheid te loovjen is.

49 Trouwe God en Heit,  
Jo, dy't de krêft binne fan 'e swakken,  
de beskermer fan 'e earmen,  
de treast fan alle fersleinen en iensumen,  
Jo, dy't Jo ûntfermjje oer alle gearre  
dy't fersocht wurde en yn sûnde fallen binne,  
sjoch yn genede op ús del,  
no, dizze dei en alle dagen fan ús ierdske bestean.  
Jou ús leauwe,  
meitsje ús fol fan jo leafde.  
Sterkje ús ta alle wurk dêr't Jo ús ta roppe,  
en lit ús in segen wêze.  
Lied ús op 'e wei dy't wy as pylgers geane,  
en bring ús feilich troch alle gefaren hinne  
nei it lân fan ús ivige bestimming,  
troch Jezus Kristus, ús Hear.

50 O, barmhertige Heit, wy tankje Jo,  
dat Jo dizze nacht sa trou ús bewarre hawwe,  
en wy bidde Jo, dat Jo ús foar dizze nije dei  
sterkje wolle troch jo hillige Geast.  
Lit Dy ús liede, dat wy dizze dei  
en alle dagen fan ús libben brûke meie  
foar alle gerjochtichheid en hillichheid;  
en dat, by alles wat wy dogge,  
it hieltyd ús doel is om jo namme grut te meitsjen  
en de foarspoed  
allinne fan jo mylde hân te ferwachtsjen.  
Wol ús dêrta, neffens jo tasizzing,  
om it hillich lijen en stjerren  
fan ús Hear en Sillichmakker Jezus Kristus,  
al ús sûnden ferjaan,  
want dy binne ús tige yn 'e wei.  
Ferljochtsje ek ús herten,  
dat wy ophâlde mei alles dat by it tsjuster heart,  
en as bern fan it ljocht

yn in nij libben bloeie en groeie meie.  
 Jou ús ek jo segen op de ferkundiging  
 fan jo godlik wurd.  
 Fersteur alle wurken fan 'e duvel.  
 Sterkje alle tsjerketsjinnern  
 en jou wiisheid oan de oerheden fan dizze wrâld.  
 Treast alle ferfolge en beneare herten,  
 troch Jezus Kristus, jo leave Soan,  
 dy't ús tasein hat dat Jo ús alles  
 wat wy Jo yn syn namme freegje, jaan sille  
*[en dy't ús leard hat sa te bidden:*  
*Us Heit...]*

51 O leave Hear, ik bin sa bliid

Hanna Lam / Wim ter Burg

1 O lea - ve Hear, ik bin sa bliid,  
 it tsjus - ter gong foar - by,  
 de donk' - re nacht fer - lear de striid,  
 jo ljocht om - strie - let my.

2 Tank, dat ik foar jo antlit, Hear  
 de leave lange dei  
 mei alle bern yn 't ljocht ferkear'  
 en boartsje en sjonge mei.

3 O leave Hear, wat bin ik bliid  
 dat 't Jo as hoeder ken.  
 Jo binn' deunby yn oere en tiid,  
 deunby elk minskebern.

52 Tank, Hear, foar dizze nije dei,  
tank dat de dei it wint fan 'e nacht,  
tank dat it ljocht it wint fan it tsjuster.  
Wy bidde om geduld  
mei minsken dy't wy hjoed moetsje sille.  
Wy bidde om leafde  
foar minsken mei wa't wy hjoed te krijen hawwe.  
Wy bidde, Hear,  
stean mei jo leafde om ús hinne.  
Amen.

## IV – Middeisgebeden

- 53 God, ús Heit,  
Jo drage en stypje ús  
op ús wei troch it libben.  
Wol harkje nei ús gebed,  
meitsje fan ús ierde in tún  
dêr't it goed is om te libjen en te wurkjen,  
alle dagen fan ús libben.
- 54 God,  
wol ús antwurdzje  
no't wy ta Jo bidde.  
Wol ús ferhearre  
as wy mei Jo prate.  
Skep in nije himel  
en in nije ierde  
dêr't elkenien frede hat  
en genietsje kin  
fan it wurk fan syn hannen  
ta lof en eare fan jo namme.
- 55 God, ús Heit,  
Jo hawwe yn Jezus, jo Soan,  
ús sjen litten Wa't Jo binne.  
Troch Him binne wy learlingen en freonen wurden.  
Kear Jo net fan ús bidden ôf  
en meitsje ús ierde fol fan jo hearlikheid,  
alle dagen fan ús libben.
- 56 Jo, Heare, Jo allinne  
oardielje my.
- Want al wit  
ûnder de minsken nimmen  
wat yn 'e minske is,  
as allinne de geast fan 'e minske  
dy't yn him is –

dochs is der wat  
yn 'e minske  
dêr't sels de geast fan 'e minske  
net fan wit.

Jo lykwols, Heare,  
Jo dy't de minske makke hawwe -  
Jo witte alles fan him.

Lit my dus bekenne  
wat ik fan mysels wit;  
lit my ek bekenne  
wat ik fan mysels net wit.

Want wat ik fan mysels wit  
wit ik troch jo ferljochting;  
en wat ik fan mysels net wit  
sil ik net witte  
oant Jo wêze sille  
'myn tsjuster  
as middeisljocht'.

57 Moarns ier, as 't ljocht opnij ûntstiet,

Willem Barnard /  
Pensum sacrum, Görlitz 1648



1 Moarns - ier, as 't ljocht op - nij ûnt - stiet,  
en jûns, as it wer ûn - der - giet,  
sis lof oan God, om't el - ke dei  
op syn ge - sach fer - ri - ze mei.



- 2 Him loovje wy om 't leave ljocht,  
syn strieljend antlit dat ús socht.  
Wy loovje Him ier yn 'e moarn,  
let op 'e jûn en alweroan.
- 3 Mar as de sinne heger riist,  
in byld dat ús op Jezus wiist,  
dan is op 't heechste fan dy tocht  
de dei in berch yn glânzgjend ljocht.
- 4 Want alles sprekt, mar sûnder stim,  
fan Him dy't hillich is, fan Him  
dy't berch en delling, dei en nacht,  
oertsjûget fan syn wûnd're macht.
- 5 Al 't ierdske long'ret as in breid  
dat Hy har op 'e nij oerklaait  
en 't boppe-ierdske hjir ûntsprút;  
de wrâld sjocht har de eagen út!
- 6 O Sinne fan gerjochtichheid,  
Jo, strieljend fan goedgeunstichheid  
en baarnend fan it strange rjocht,  
beskyn my mei genedich ljocht.
- 7 Jo bid ik midden op 'e dei,  
myn hillich fjoer, bliuw Jo my nei, -  
ien dei, ien libben fljocht foarby;  
wol my ferhearlikje, ek my.

## V – Jûnsgebeden

*De gebeden 64, 65, 70, 74, 76 en 77 binne benammen gaadlik om mei bern te bidden.*

58    Hear, bliuw by ús,  
want it is jûn wurden en de nacht stiet te kommen.  
Bliuw by ús en by jo hiele tsjerke  
oan 'e jûn fan 'e dei,  
oan 'e jûn fan it libben,  
oan 'e jûn fan 'e wrâld.  
Bliuw by ús  
mei jo genede en goedens,  
mei jo treast en segen,  
mei jo Wurd en Sakramint.  
Bliuw by ús  
as oer ús komt  
de nacht fan besiking en eangst,  
de nacht fan twivel en oanstriid,  
de nacht fan 'e hurde en bittere dea.  
Bliuw by ús  
yn libben en yn stjerren  
yn tiid en ivichheid.

Liturgyske sangen 146 en 147

59    Bliuw by ús, Hear,  
want de dei rint nei de ein  
en it wurdt jûn.

Bliuw by ús, Hear,  
want wy binne bang foar it tsjuster driigjen  
fan in nacht dy't in ivichheid duorret.

Bliuw by ús, Hear,  
want wy wachtsje fol spanning op 'e moarn  
en wy witte net oft dy wol komt.

Bliuw by ús, en sprek ta ús, ek as wysels  
troch ûnheil hjoed mei stommens slein binne.

Bliuw by ús, en sjoch nei ús om, as ús eagen  
sykje om ljocht yn it tsjuster.

Bliuw by ús, en harkje nei ús as wy Jo sizze  
wat wy noch oan nimmen oars tabetroud hawwe.

Bliuw by ús, Hear,  
mei in inkeld wurd, in simpel teken  
fol waarmte en treast en mienskip.

Bliuw by ús, Hear, en hâld ús selskip,  
gean mei ús op 'en paad en fertel ús  
it geheim fan leauwe, hope en leafde.

Bliuw by ús, Hear,  
en help ús dat wy Jo net ferlitte  
yn al jo iensumens fan dizze nacht.

Bliuw by ús, Hear, bliuw by ús.

60 Hear, myn God, ik tankje Jo  
dat dizze dei foarby is.  
Ik tankje Jo dat Jo siel en lichem rêste litte,  
jo hân hat my beskerme en bewarre.  
Ferjou my myn lytsleauwigens  
en alle ûnrjocht fan dizze dei,  
en help my elkenien te ferjaan  
dy't my ûnrjocht dien hat.  
Lit my yn frede sliepe ûnder jo hoede  
en bewarje my foar de driging  
fan it tsjuster.  
Yn jo hannen lis ik  
allegearre dy't ik leafhaw,  
dit hûs,  
myn eigen lichem en siel.  
God, jo hillige namme is te priizgjen.  
Amen.

61 De iene dei seit it de oare:  
myn libben is in reis  
nei de ivichheid sûnder ein of kear.  
Ivichheid,  
myn hert wol oan dy wenne,  
dizze tiid is my net eigen.

62 Jo, dy't de nacht slein hawwe,  
Jo, dy't it ljocht  
losslein hawwe út it tsjuster  
as wetter út 'e rots.

lit my yn frede rêste,  
dat ik my yn dit tsjuster  
net ferlern fiel,  
dat ik my net oerjou oan dreamen.

No is de nacht fallen op dy't neaken binne  
en troch gjin minskehân klaaid –  
dy't fertsjustere binne,  
jo namgenoaten yn ús fermidden:  
frjemdling, flechtling,  
bern dy't net wolkom binne.  
Lit in nije dei  
oer ús allegearre komme.  
Lit jo keninkryk komme.

As de nacht oer my kommen is,  
en ik dea wêze sil, net mear bestean  
yn it oantinken fan myn alderleafsten,

lit my dan burgen wêze yn Jo  
dy't stilte binne,  
lit de twadde dea  
net oer my komme.

63 Striden haw ik libbenslang mei Jo.  
Ik fyn oars gjin frede as by Jo,  
Hjitte fan 'e dei, Jo ha belies jûn.  
Oäze fan 'e jûn, no bin ik by Jo.

64 Nim my yn jo hoede, Hear, fannacht.  
Wol ús blide dagen jaan.  
Lit jo hillige ingels ús hoedzje en noedzje..  
Beskermje ús tsjin gefaar  
en meitsje ús bliid wekker.

- 65 As ik jûns op bêd gean mei,  
folgje my fjirtjin ingels nei:  
twa oan myn hollenein,  
twa oan myn fuottenein,  
twa oan myn rjochterkant,  
twa oan myn lofterkant,  
twa dy't my lekker nodzje  
twa dy't my wekker skodzje,  
en twa om my te wizen  
nei himelparadizen.
- 66 Almachtige God, nim ús yn jo hillige hoede  
en bewarje ús alle dagen fan ús libben.  
Fermearderje en foltôgje jo genede yn ús,  
oant Jo ús brocht hawwe  
ta de folsleine feriening  
mei jo Soan Jezus Kristus, ús Heilân,  
dy't de wiere sinne fan ús siel is,  
dy't ús dei en nacht sûnder ophâlden  
oant yn ivichheid ferljochtet.  
En no't wy dy genede fan Jo ûntfange meie,  
bidde wy Jo:  
wol ús ús eardere sûnden net mear oanrekkenje  
mar se ús ferjaan  
troch jo ûneinige barmhertichheid,  
sa't Jo tasein hawwe  
oan dy't Jo sykje mei har hiele hert.  
Ferhear ús, o God, ús Heit en Heilân,  
troch Jezus Kristus, ús Hear.
- 67 Hear, wy tankje Jo op dizze jûn  
dat Jo ús jûn hawwe  
om ûnder jo beskerming dizze dei te belibjen;  
dat Jo ús krêft jûn hawwe om ús wurk te dwaan  
en ús drage troch jo barmhertichheid.  
Wy bidde Jo, Hear,  
lit alles wat ús benearet  
ta in segen wurde.  
Sa't de fruchten fan it fjild rypje  
ûnder sinneskyn, wyn en wolken,  
lit ús sa ryp wurde foar jo rispinge.  
Wy bidde Jo, himelske Heit,

dat Jo de glâns fan jo antlit  
skine litte wolle  
oer de minsken dy't wy leafhawwe,  
oer de minsken dy't wy amper ferneare kinne.  
Fan Jo binne wy, yn it ljocht en it tsjuster fan 'e  
tiden.  
Jo segenje ús gean en ús kommen,  
yn ivichheid.

- 68 Hear,  
kom  
en dek my ta mei de nacht.  
Spried jo genede oer ús út,  
sa't Jo tasein hawwe.  
Jo tasizzingen binne mear  
as alle stjerren oan 'e himel,  
jo genede is djipper as de nacht.

Hear,  
it wurdt kâld.  
De nacht fan dizze ierde komt  
mei de azem fan 'e dea.  
De nacht komt,  
de ein komt,  
mar Jezus Kristus komt ek.

Hear,  
op Him wachtsje wy,  
nacht en dei.

- 69 Ik fiel de dei yn myn lea.  
Tankber bin ik  
dat ik my ynsette mocht  
foar in goede saak,  
en dat ik der ek noch jild foar krige.

Hear,  
dat ik myn stim brûke mocht,  
myn skouders,  
myn earms,  
myn hannen.

Hear,  
ik bin wurch.  
Ik sliep suver al.  
Halleluja foar sa'n dei.

70 *bern:*  
Ik bin net bang  
foar de nacht.  
Wêrom soe ik?  
As ik de sliep út ha,  
is it wol wer ljocht.  
Ik bin net bang  
foar dreamen,  
ek net foar liuwen yn 'e dream.  
Wêrom soe ik bang wêze foar dreamen?  
As ik wekker wurd,  
is it ommers wer oer.  
*folwoeksene:*  
It tsjuster giet oer,  
it ljocht komt.  
It ljocht fan God  
bliuwt oant yn ivichheid.

71 Hear ús God,  
Jo hawwe de himel delbûgd  
en binne deltein om ús te rêden.  
Sjoch no ek del op ús, jo folk.  
Want wy hawwe de holle bûgd foar Jo,  
ûntsachlike en mylde rjochter.  
Fan minsken ferwachtsje wy gjin help,  
mar wy tidigje op jo genede  
en sjogge út nei jo ferlossing.  
Hoedzje ús jûn en fannacht  
foar alles wat ús bedriigje kin,  
foar bange dreamen en benearjende prakkesaasjes.  
Te priizgjen is jo macht,  
Heit, Soan en hillige Geast,  
no en altyd en yn alle ivichheid.  
Amen.

72 No't alles om my hinne  
rêstich wurdt en stil,  
kom ik ta Jo, Hear.  
Ik tankje Jo,  
want dizze dei wie goed:  
tank foar it libben,  
foar de minsken dy't ik moete ha,  
foar alle lytse freugden.  
Ik tankje Jo,  
om't Jo my krêft jûn hawwe  
yn swiere mominten.  
Ferjou my,  
as ik hjoed  
net in teken fan leafde wie.  
Dizze hiele dei  
lis ik tankber werom yn jo hannen.

73 Dizze dei is ferrûn.  
It wurdt stadichoan tsjuster,  
no't de sinne yn 't westen deldûkt is.  
Alle dingen keare nei har oarsprong werom.

Ut 'e drokte fan 'e dei hawwe Jo ús losmakke  
dat wy ta ússels komme  
en ús ta Jo keare,  
dy't de boarne fan alle libben wêze wolle.

Wy bringe by Jo:  
ús gedachten en soargen,  
fragen en eangsten,  
freugde, langstme en tank.  
Wolle Jo it oanreitsje mei jo suverjende neite.

Yn 'e stilte meie alle dingen komme en gean –  
emoasjes en bylden geane ús troch de holle  
en as it tinken efkes stilstiet,  
giet ús it herte iepen.

Dat it tsjuster ús net benearje mei,  
sa bidde wy no,  
dat it ús liede mei



op 'e wei nei Jo ta:  
jo beskermjende bywêzigens  
as in ingel om ús hinne.

Jou it dy't jo leafhawwe yn 'e sloop.  
Jo, Dy't seingje mei frede.

74 No wurdt it ljocht yn tsjuster wei

Anton Lam / Wim ter Burg

The musical score is written on four staves. The first staff is in treble clef with a key signature of one flat (B-flat) and a common time signature (C). The melody consists of quarter notes: G4, A4, Bb4, C5, Bb4, A4, G4. The lyrics '1 No wurdt it ljocht yn tsjus - ter wei' are written below the staff. The second staff is in bass clef with a key signature of one flat and a common time signature. The melody consists of quarter notes: G3, A3, Bb3, C4, Bb3, A3, G3. The lyrics 'en flech - tet oer de ki - men;' are written below the staff. The third staff is in bass clef with a key signature of one flat and a common time signature. The melody consists of quarter notes: G3, A3, Bb3, C4, Bb3, A3, G3. The lyrics 'de jûns - stjer blinkt, de nacht is nei,' are written below the staff. The fourth staff is in bass clef with a key signature of one flat and a common time signature. The melody consists of quarter notes: G3, A3, Bb3, C4, Bb3, A3, G3. The lyrics 'in wrâld fan skaad en ski - men.' are written below the staff. The piece ends with a double bar line.

2 Mar ek as 't rûnom tsjuster is:  
de Hear is yn 't fermidden.  
Him deart gjin nacht of tsjusternis,  
Hy heart syn bern wol bidden.

3 Hy hoedet ús foar kwea en lêst,  
Hy sil ús feilich drage.  
Wy komme fredich ta de rêst  
en wachtsje op 'e dage.

75 Goede Jezus,  
wannear't de dei nei de jûn lûkt  
en it ljocht fan 'e dei yn tsjuster wei wurdt,  
begjint my alles tsjin te stean,  
wurdt alles wat ik sjoch my tefolle.  
Ien seit wat tsjin my en ik harkje amper;  
ien kloppet en ik hear it suver net.  
Myn hert is sa hurd as in stien,  
de tonge sit my fêst oan it ferwulft;  
de eagen stekke en dogge my sear.  
Dan slach ik de Hillige Skrift iepen,  
en gean by mysels te riede.  
Dan krijt, goede Jezus, jo genede de oerhân.  
Dy nimt it tsjuster út my wei,  
myn tsjinsin is oer,  
de hurdens is trochbrutsen.  
Ik gûl fan klearebare himellok.

76 *bern:*  
As it tsjuster wurdt, God,  
geane wy op bêd.  
Wy dogge de eagen ticht  
en boartsje  
en prate net langer,  
wy wachtsje op it ljocht fan moarnier.  
*folwoeksene:*  
Wol ús fannacht bewarje,  
grutte God, Jo, Dy't ús Heit binne,  
hoedzje net allinne ús,  
mar alle minsken,  
no en oant yn ivichheid.

77 *bern:*  
As it nacht wurdt  
lizze wy te sliepen.  
*folwoeksene:*  
Oan Jo betrouwe wy ús ta.  
By Jo is it ljocht,  
dat nea dwêste sil.

78 Ik tankje Jo, himelske Heit,  
troch Jezus Kristus, jo leave Soan,

dat Jo my hjoed genedich bewarre ha,  
en ik bid Jo:  
ferjou my alle sûnden,  
alles dat ik ferkeard dien ha  
en wol my fannacht genedich bewarje.  
Want oan Jo betrou ik my ta,  
myn lichem en siel en alles,  
lit jo hillige ingel by my wêze,  
dat it kweade my net oermânsk wurdt.

## VI – Gebeden yn 'e nacht

79 Hear, ús God,  
jou ús in rêstige nacht,  
feilich ûnder jo hoede.  
Wy tinke oan har  
dy't fannacht oan it wurk binne,  
oan de siken,  
oan harren dy't troch soargen wekker lizze.  
Wês foar ús allegearre in boarne fan treast,  
fan krêft en bemoediging.  
Bliuw mei jo seine by ús wrâld  
en weitsje oer jo skepping,  
fannacht en oant yn ivichheid.

80 No't de nacht fallen is,  
beseffe wy namstemear dat wy  
jo ljocht net misse kinne  
en dêrom bidde wy Jo:  
lit ús iepen stean foar jo ljocht,  
dat it yn ús skine mei,  
ferjei wat ús libben tsjuster makket  
en bring oan it ljocht  
wat ús noch yn 'e wei stiet en behinderet  
om ús libben troch Jo beskiede te litten.

Wy bidde Jo foar alle minsken  
dy't oansoargje tsjin it tsjuster fan 'e nacht,  
foar harren dy't in soad soargen ha  
en dy net loslitte doare,  
foar harren dy't slim siik binne  
en har net oan 'e sliep oerjaan doare  
om't se bang binne foar de dea,  
foar harren dy't gjin wink yn 'e eagen krije,  
foar harren dy't gjin gaadlik plak ha om te sliepen:  
de dakleazen en swalkers,  
om fierrens en ek tichteby.  
Seingje allegearre mei it ljocht fan jo eagen  
en printsje harren jo frede yn.

Bewarje ús allegearre fannacht  
en ris ús ta  
om, as de nije dei oanbrekt,

wat fan jo ljocht  
skine te litten  
oer alles wat ús te dwaan stiet.

- 81 Hear fan de wierheid,  
lit de goede dingen dy't wy dienen  
ús de inerlike frede jaan  
om ús kweade dingen ûnder eagen te sjen.

Lit it ljocht dat yn ús is  
ús de moed jaan  
om it tsjuster treast te wêzen.

Lit de besikings dy't wy trochstienen  
tsjinje meie as boete  
foar alles wat wy neilitten hawwe.

Lit de wysheid dy't wy wûn ha  
ús suverje fan de skea  
dy't wy út ûnbegryp oanrjochte ha.

En lit ús langje om de wei te gean  
en jo freonskip te winnen  
dat wy de folsleinens berikke  
ta lof fan it Ljocht  
dat nea dwêste sil.

- 82 Gâns minsken tinke: Wa lit ús it goede sjen?  
Lit, Heare, it ljocht fan jo antlit oer ús daagje!  
Jo hawwe my mear wille yn it herte jûn  
as dy oaren hawwe by de romte fan weet en wyn.  
Yn frede sil ik my deljaan  
en sliepe,  
want Jo allinnich, Heare, jouwe my in feilich honk.

- 83 As mei fet en moarch wurd ik sêde,  
myn mûle is fol jubel en lof.  
As ik op bêd oan Jo tink  
en oer Jo mimerje as ik wekker lis,  
– jawis, Jo binne my in help wurden;  
yn it skaad fan jo wjukken jubelje ik.

- 84 Yn jo hân betrou ik myn libben,  
Jo keapje my frij, Heare, trouwe God.

## VII – Gebeden by it iten

*De gebeden 93, 94, 96, 97 en 99 binne benammen gaadlik om mei bern te bidden.*

- 85 Alle eagen sjogge út nei Jo  
en Jo jouwe har op 'e tiid it iten.  
Jo hâlde de hân iepen en  
al wat libbet jouwe Jo sêd, sa't Jo wolle.
- 86 Heare God, Heit yn 'e himel,  
seingje ús en de jeften  
dy't wy út jo mylde goedens ûntfange.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear.
- 87 Tankje de Heare, want Hy is goed,  
ja, ivich duorret syn gunst.  
dy't brea jout oan al wat libbet,  
dy't it fee har foer beskikt,  
en de jonge raven jout, wêr't se om roppe.  
De krêft fan hynders is by Him gjin tel,  
de skonken fan in man slacht Er net heech oan.  
Mar wol hat de Heare heech dy't ûntsach foar Him ha  
en dy't útsjogge nei syn gunst.
- 88 Wy tankje Jo, Hear ús God en Heit,  
troch Jezus Kristus, ús Hear,  
foar alle woldieden,  
Jo dy't libje en regearje yn ivichheid.
- 89 Tankje de Heare, want Hy is goed,  
ja, ivich duorret syn gunst.
- 90 Heech te priizgjen binne Jo,  
Heare ús God, Kening fan 'e wrâld,  
dy't it brea út 'e ierde fuortkomme litte.
- 91 Hear, almachtige God, Jo dy't alles skepen ha  
en noch altiten troch jo godlike krêft ûnderhâlde  
en it folk Israel yn 'e woestyn te iten jûn ha,  
wol ús, jo earme tsjinnens, jo seine jaan.

Hilligje dizze jeften, dy't wy út jo mylde hân ûntfange,  
dat wy dy mei mjitte en hillich  
nei jo goede wil brûke  
en dêrtroch belide dat Jo ús Heit  
en de oarsprong fan al it goede binne.  
Jou dat wy altyd en boppe-al  
it geastlik brea fan jo wurd sykje  
dêr't ús sielen mei spizige wurde  
oant it ivige libben,  
dat Jo ús taret hawwe troch it hillich bloed  
fan jo leave Soan, ús Hear, Jezus Kristus.  
[Us Heit...]

- 92 Hear, segenje dit iten; Jo binn' goed  
en wolle ús lichem sparje foar de dea.  
Jo jouwe ús elke dei ús deistich brea,  
sa nimme Jo ús libben op 'e noed.

Wy tankje Jo, dat wy mei liif en lea  
diel hawwe oan de wrâld en oan har floed  
fan wiuwend nôt, fan simmersinnegloed,  
fan al wat sprút en groeit yn 't mylde gea.

Jo Gasthear, wês de gast hjir by ús thús;  
bedimje ús sinnen, dat gjin grime ús liedt,  
dat skeel en oergeunst net mear dijt yn ús,  
dan waakst de mienskip fan jo hillich koarn,  
it ivich wûnder fan jo kerrel sied.

- 93 *bern:*  
Wy tankje Jo foar it brea  
dat Jo ús jaan woenen;  
wy tankje Jo foar it brea  
dat Jo foar ús wêze woenen.  
Wy tankje Jo foar de wyn  
dy't Jo ús skinke woenen;  
wy tankje Jo foar de wyn  
dy't Jo foar ús wêze woenen.  
*folwoeksene:*  
Lear ús om wegen te finen  
om oaren folop meipartsje te litten  
yn wat wy ûntfongen hawwe.

En bring ús ienris  
 allegearre byinoar foar it grutte feestmiel  
 yn jo Ryk,  
 om 'e wille fan Jo, ta heil fan ús.

Want jo goedens, Hear,  
 is heech as de himel en wiid as de wrâld  
 en jo bywêzigens  
 is foar ús in boarne fan freugde  
 dy't nea opdroeget,  
 oant yn ivichheid!

94 *bern:*

Tankewol, Hear  
 dat wy mei-inoar oan tafel sitte  
 en yn dizze lytse rûnte  
 alles mei-inoar partsje  
 wat op 'e tafel stiet.

*folwoeksene:*

Wy bidde foar minsken  
 dy't alle dagen allinne oan 'e tafel sitte te iten,  
 dy't har brea  
 ek graach mei oaren  
 partsje wolle soenen.  
 Oan harren tinke wy hjoed.

95 Te priizgjen binne Jo

Christiaan Winter



Te priiz-gjen bin-ne Jo, God hiel ticht



by ús. Te priiz-gjen bin-ne Jo, God hiel ticht




by ús. Jo ie-pen-je de hân en



*allegearre:*



jou-we ús te i - ten, el - ke dei wer. Te



priiz-gjen bin-ne Jo, God hiel ticht by ús.

96 God,  
Jo hoedzje en noedzje  
lytsen en grutten.  
Lear ús mei respekt en tankberens  
omgean mei jo hiele skepping  
en mei alle minsken.  
Troch Jezus Kristus.  
Amen.

97 Goede God,  
skik by ús oan,  
seingje it iten,  
sprek in wurd  
dat sterket en treastet  
en meitsje ús hert  
en hûs gastfrij.  
Amen.

98 O, Hear,  
it iten stiet wer foar ús op 'e tafel,  
it rûkt lekker.  
Mei lekker fris wetter derby.  
Wy binne lokkich en tefreden.  
Lykwols tinke wy  
oan ús susters en bruorren  
oer de hiele wrâld  
dy't neat te iten  
en amper te drinken hawwe.  
Jou, as 't wêze mei, alle minsken  
te iten en te drinken.  
Dêr giet it om.

Jou har wat se nedich ha,  
 alle dagen,  
 om yn libben te bliuwen.  
 Sa't Jo yn 'e woestyn it folk Israel  
 te iten en te drinken jûn ha,  
 jou it ek  
 oan ús bruorren en susters  
 dy't hongere en toarste hawwe,  
 no en altyd.

99 Foar alle goede jefte Hear,  
 oan Jo de tank en ear.

100 God, dy't de ierde it libben biede

Willem Vogel

I God, dy't de ier - de  
 't lib - ben bie - de,  
 frucht fan grei - de en gea  
 en fan ri - pe bou - wen,  
 tank dat Jo ús jou - we  
 hjoed ús dei - stich brea.

- 2 By ús folle  
skuorre en golle  
leare Jo ús dit:  
wol de earmen fiede,  
dat op hiel myn ierde  
nimmen honger lit.
- 3 Wy, wolstelden,  
och, wy telden  
mear ússels as de oar.  
Doch ús earen iepen,  
Hear, dat wy begriepen  
't klopjen op ús doar.
- 4 Lit ús drage  
yn ús dagen  
fruchten rynsk en rij,  
dat yn al ús wurken  
wy de geunst bemurken  
fan jo hearskippij.

## VIII – Gebeden foar alle oeren fan 'e dei

101 Jo, Heit fan alle krêften,  
Jo, Mem fan alle libben,  
Jo, broer fan alle pylgers,  
Jo, suster fan alle goegunders,  
Jo, soan fan it mylde Ljocht,  
Jo, dochter fan de fredige stilte, –

foar Jo iepenje wy ús hert.

Jo, Wurd,  
dat de grûn fan alle dieden is,  
Jo, Died,  
dy't fier oer alle wurden giet,  
Jo, Tsjuster,  
om't wy dat Ljocht net oankinne,  
Jo, Ljocht, om't wy yn 't tsjuster tahâlde,  
Jo, Ivige,  
yn wa't alle tiid besletten leit,  
Jo, dy't alles omfiemje,  
en yn wa't alles him beweecht, –

kom yn ús hert!

Jo, riizjende Sinne fan it easten,  
Jo, strieljende gloede fan it suden,  
Jo, dimmen ljocht fan it westen,  
Jo, yntime glâns fan it noarden,  
Jo, freonlike seine fan it senit,  
Jo, dragende krêft fan de ierde, –

wês de Kern fan ús hert.

102 Hear,  
jou my net oer  
oan myn minsklike ûnwittendheid  
en kwetsberens,  
noch oan myn eigen tekoarten  
of oan wat dan ek,  
mar inkeld oan jo leafde,

dy't nei my útgiet.  
Beskik yn jo goedens oer my,  
oer myn tinken en dwaan,  
nei jo wolbehagen.  
Dat jo wil dien wurde mei  
troch my, yn my en bûten my om.  
Befrij my fan alle kwea  
en lied my nei it ivige libben  
troch de Hear.

103 O God, meitsje fan ús minsken  
neffens it byld fan jo Soan:  
mei eagen dy't net inkeld sjogge,  
mar ek oansjen kinne;  
mei earen dy't net allinne hearre,  
mar ek harkje kinne;  
mei in mûle dy't net allinne praat,  
mar ek wat te sizzen hat;  
mei ferstân dat net allinne begrypt,  
mar ek oanfiele kin;  
mei in hert dat net allinne kloppet,  
mar ek oandien wêze kin;  
mei hannen dy't net allinne gripe,  
mar har ek iepenje kinne;  
mei fuotten dy't net allinne omdrave,  
mar ek temjitte komme kinne,  
want sa binne wy sein'ge  
en inoar ta seine.

104 Almachtige God,  
út genede hawwe Jo ús de wei wiisd,  
dat wy it spoar net bjuster reitsje  
as wy Jo folgje.  
Help ús dêrom dat wy Jo folgje,  
ree om te harkjen.  
Lear ús te hanneljen nei jo wil,  
dy't Jo ús te witten dien ha.  
Lit ús  
rjochts noch lofts dêrfan ôfwike.  
Jou dat wy net fertrouwe op ússels,  
mar inkeld Jo tsjinje mei in stille geast,  
oant wy ús libbenspaad

yn gerjochtichheid ôflein ha  
en de sillige rêst oer ús komt  
dy't troch it bloed fan jo Soan  
foar ús weilein is.

105 God,  
Jo jouwe ús de frijmoedigens  
om ta Jo te bidden.  
Lit ús bidde sa't Jo dat wolle,  
harkje nei wat wy te freegjen ha  
en lit ús fernimme  
dat Jo ús bidden ferhearre  
troch Kristus, ús Hear.